

Tsjerketsjinst

8 maart 2026

3^e snein fan de 40-dagentiid

09.30u Tsjerkje Skourregea

Foargonger: ds. Marten Jan Kooistra

Oargalist:

Âlderling:

Diaken

Tema: Wêr sizze jo nee tsjin...?

Yn dizze tsjinst

Hjoed is it de tredde snein fan 'e fêstetiid. Fjirtich dagenlang meitsje wy ús klear foar it kommende Peaske. Hjoed hearre wy it ferhaal fan Jezus yn 'e woastyn. Hy brocht dêr fjirtich dagen en nachten troch, en makke him klear foar syn taak: it evangeelje ferkundigje yn wurd en died. Dêr keart de ferliedder him ta Him. Yn Genesis 3 lêze wy ek oer de ferliedder dy't him ta de minskheid keart. Yn beide passaaazjes ferskynt de tsjinstanner fan God: de slang yn Genesis 3 en de duvel yn Mattéus 4. De personifikaasjes fan it kwea besykje immen te ferlieden om ûntrou te wurden oan God. Yn Genesis slagget de slang by de minskheid; by Jezus yn Mattéus is it oars.

De earste ferlieding fan 'e duvel is tige basic: befelje dy stiennen om yn brea te feroarjen. Hy freget Jezus - as hy echt sa spesjaal is - om syn spesjale krêften te brûken om syn mage te foljen. It twadde foarstel fan 'e duvel hat in konkrete reden. Joadske minsken ferwachten dat de Messias ien dei op it dak fan 'e timpel ferskine soe. "No, lit it my sjen," liket de duvel te sizzen. De tredde ferlieding giet oer keningskip. Oer macht op ierde, yn alle keninkriken fan 'e wrâld. "Mar dan moatte jo my oanbidde," seit de duvel. Jezus driuwt de duvel fuort en seit him wat der skreaun stiet: dat jo allinnich de Heare tsjinje sille.

Mei dit ferhaal noaget de liturgy ús, as it ware, út om itselde te dwaan as Jezus: in paad te folgjen dêr't wy allerlei dingen tsjinkomme. Yn 't algemien net it paad fan 'e minste wjerstân. Mar in paad dêr't wy kieze kinne! Kies dingen dy't liede ta it LIBBEN en dingen dy't ús nei in deade ein liede. Wêr sille jo nee tsjin sizze...?

Oargel

Wurd fan Wolkom

Iepeningsliet psalm 91a: 1, 2 en 3

1 Wa't yn it skaad fan God ferkeare,
sille net stjerre yn 'e dea.
Wa't wenplak sykje by de Heare
fine dêr frede as har brea.
God leit syn wjukken fan genede
beskermjend om syn leave bern.
En Hy ferlost har fan it kweade,
dêrtroch sill' hja 't gelok anst sjen.

2 Syn ingels stjoert Er alle dagen,
hja binne_in gids en in hâldfêst.
Dy sille har op hannen drage
troch in woestyn fan hoop en lêst.

Gjin freze_of ûnheil sil har reitsje,
gjin sykte brekt in minskedream.
Lingte fan dagen sill' hja smeitsje,
en rêste oan in koele stream.

3 Har sil de nacht net licht oerfalle,
har dagen hâlde ivich stân.
Tûzenen deaden kinne falle –
hjá binne burgen yn Gods hân.
God hoedet dy't op Him betrouwe,
dy't taflecht sykje by de Hear.
Hy sil in nije himel bouwe,
fol leafde en gjin triennen mear.

Bemoediging en groet

Ynlieding op'e tsjinst en it tema

Kyriegebed met lied 598

Kom as it tsjuster is mei fjoer
dat ús nacht ferljochtet en dat bliuwt,
fjoer dat altyd bliuwt.
Kom as it tsjuster is mei fjoer
dat ús nacht ferljochtet
en dat bliuwt, fjoer dat altyd bliuwt.

Gebed by de iepening fan it Wurd

Skriftlêzing Genesis 2: 15-17 & 3: 1-6

¹⁵God de Heare naam de minske en joech him in plak yn it hôf fan Eden om dat te be-arbeidzjen en der op te passen. ¹⁶En God de Heare hiet de minske: Alle beammen yn it hôf meisto frij fan ite, ¹⁷mar de beam om te witten fan goed en kwea, dêr meist net fan ite, want de deis datst dêrfan ytst, silst grif stjerre.

¹No wie de slange gewykster as alle oare dieren fan it fjild, dy't God de Heare makke hie. Dy sei tsjin 'e frou: Hat God wier sein, dat jimme fan gjinien fan 'e beammen fan it hôf ite meie? ²En de frou sei tsjin 'e slange: Wy meie ite fan 'e beamfruchten yn it hôf, ³mar fan 'e fruchten fan 'e beam dy't midden yn it hôf stiet hat God sein: Dêr meie jim net fan ite en dêr ek net oankomme, oars sille jimme stjerre. ⁴De slange sei lykwols tsjin de frou: Jim sille wier net stjerre, ⁵mar God wit wol, dat de deis dat jim dêrfan ite, jimme de eagen iepen gean sille en dat jim dan as God wêze sille en weet hawwe fan goed en kwea. ⁶Doe seach de frou, dat de beam goed wie om fan te iten, en dat er in lust foar de eagen wie, ja in oanloklike beam om oardiel te krijen. Dat se naam fan syn frucht en iet. Hja joech dêr fan oan har man dy't by har wie en ek dy iet.

Sjonge liet 944: 1, 2 en 4

1 Ferbergje, Hear, jo net foar my,
as 'k my ferbergje wol foar Jo.
Jo witte, ik bin bang foar Jo,
ûntwyk Jo en ha langst nei Jo.

O gean myn hert dochts net foarby.

2 En wês net bliuwend liik op my,
as ik my fier hâld fan jo hert.
Ik neam jo, mar ik ken Jo net,
ik bûch my, mar ik bin it net
en myn gebed beskammeret my.

4 Hear, rop my as jo dwalend skiep,
dat Jo net siket en net ken,
mar foar jo leafde is 't net ferlern;
lit my dan as jo eigen bern
jo stim fernimme yn 'e sliep.

Skriftlêzing Matteus 4: 1 – 11

¹Doe waard Jezus troch de Geast yn 'e woestyn brocht om troch de duvel hifke te wurden. ²Nei't Er fjirtich dagen en fjirtich nachten gjin iten hân hie, wie Er úthongere. ³Doe kaam de ferlieder op Him ta en sei: As Jo Soan fan God binne, hjit dy stiennen hjir dan ris, dat se yn brea feroarje. ⁴Jezus sei dêrop: Der stiet yn 'e Skrift:

Net fan brea allinne sil de minske libje,
mar fan alles wat út Gods mûle komt.

⁵Doe naam de duvel Him mei nei de hillige stêd, sette him op 'e râne fan it timpeldak 6en sei: As Jo Soan fan God binne, lit Josels hjir dan by del falle. Der stiet ommers yn 'e Skrift:

Syn ingels sil Er hjitte op Jo te passen
en mei de hannen sille se Jo opheine,
dat Jo net in foet oan in stien stjitte.

⁷Jezus sei werom: Der stiet ek:

Do meist de Hear dyn God net earne op fergje.

⁸Nochris naam de duvel Him mei, no nei in tige hege berch. Hy liet Him alle keninkriken fan 'e wrâld yn al har hearlikheid sjen ⁹en sei: Dit sil ik Jo allegearre jaan, as Jo yn oanbidding foar my op 'e knibbels falle.

¹⁰Doe sei Jezus tsjin him: Fuort, Satan, der stiet ommers yn 'e Skrift:

De Hear, dyn God, silst oanbidde
en Him allinne tsjinstber wêze.

¹¹Doe liet de Satan Him mei rêst, en sjoch, ingels kamen om Him te fersoargjen.

Sjonge liet 539: 1 – 5

1 Jezus, djip yn de woestyn,
iensum en fol fragen,
fierde dêr in swiere striid
fjirtich lange dagen.

2. Fjirtich dagen sûnder brea,
troch de geastkrêft oandreaun –
foar de duvel mei syn kwea
is Hy rjochtoerein bleaun.

3. Alle macht en grûngebiet
kin Hy samar krije,
as Hy op 'e knibbels giet,
foar syn grutte fijân.

4. Jezus sei: 'Ik doch it net,
harkje nei de leare:
wês earbiedich en oanbid
inkeld God de Heare.'

5. Jezus waard yn de woestyn
fjirtich dagen pleage,
hat it yn dy swiere tiid
mei Gods wurden weage.

Preek

Sjonge liet 538: 1, 2 en 4

1 In minske wêze_op ierde,
troch tiid en romte gean,
is libje fan genede
en einichheid ferstean,
is libje fan de wurden
dy't God de mins beskreau
en lykas Jezus wurde
doe't Him it libben dreau.

2 In minske wêze_op ierde,
troch tiid en romte gean,
is út it wetter rize
en foar de leechte stean,
gjin god fan heger wearde,
gjin ingel en gjin dier,
in libbene, in deade,
in minske_yn wyn en fjoer.

4 As minske_ûnder de sinne
bestean yn romte_en tiid,
dat is de Geast fernimme
dy't nei it libben liedt;
de neiste bystân biede
en mei Gods wurden gean,
dat is op dizze ierde
it duvelswurk wjerstean.

Gebed fan tankberens, foarbidden, stil gebed

Sjonge: 'Us Heit'

1. God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

2. Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.

Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

3. Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

4. Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5. God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

Samling fan de jeften

Einliet: "Wêrst ek wennest op diz' ierde"

(melodie Welk een vriend is onze Jezus)

1.) Wêrst ek wennest op dis' ierde
tusken stien as't moaie grien.
Eltse dei is der nij libben.
Bisto dêr ek mei begien?
Eltse dei wer nije kânsen
om opnij op wei te gean.
En te sykjen nei it wûnder
fan de Hear en Syn bestean.

2. Wêrst ek wennest op dis' ierde
tusken stien as't moaie grien,
tusken haat as tusken leafde.
Bisto dêr ek mei begien?
Eltse dei wer nije kânsen
't wurd fan Kristus te ferstean.
Moast de bibel hiel goed lêze,
dan begrypst Syn grut bestean.

3.. Wêrst ek wennest op dis' ierde
tusken stien as't moaie grien,
tusken twivel, tusken hope.
Bisto dêr ek mei begien?
Eltse dei wer nije kânsen
mei elkoar op wei te gean.
Mei 'lkoar wurkje yn Syn leafde
mei elkoar der ek foar stean.

Zegen